

- Gearkomste** :
- Wurklistnûmer** :
- Ûnderwerp** : Waadrinferoarding 2019
Beliedsprogramma : ôfdieling Omjouwingssaken
Registraasjenûmer : 1621267
Portefuljehâlder : Kielstra
Behanneljend amtner : Mr. T. Tuenter, 8995, Omjouwingssaken
- Oanlieding** : De Waadrinferoarding 1996 is ferâldere en moat by de tiid brocht wurde. Boppedat docht bliken dat de tekst fan deselde feroarding yn Noord-Holland en Groningen net gelyk is, dus moat de tekst wer oerienkomme.
PS hat op grûn fan kêst 145 fan de Provinciewet it foech om de nije Waadrinferoarding yn Fryslân fêst te stellen.
- Europeeske kontekst** : Net fan tapassing
- Koarte gearfetting** : De hjoeddeistige Waadrinferoarding is fan 1996 en is basearre op de feiligens fan Waadrinners likegoed as op de natuerwearden fan de Waadsee. Sûnt is de wetjouwing oangeande de beskerming fan de natuerwearden yn de Waadsee lykwols gâns feroare. De natueraspekten fan it waadrinnen wurde no beskerme troch de Wet natuerbeskerming. De gefolgen fan it waadrinnen as aktiviteit mei gefolgen foar de natuerwearden yn de Waadsee wurde konkreet yn it Natura 2000-Beheerplan Waddenzee regele. De hjoeddeistige Waadrinferoardering dy't yn de provinsjes Fryslân, Groningen en Noord-Holland jilde, binne bot ferâldere en strike net mear mei-inoar. Nei oerlis mei de oare Waadprovinsjes en konsultaasje fan alle oanbelangjende partijen, is de feroarding by de tiid brocht en ferbettere. Mei it each op boppesteande fersykje wy jo de Waadrinferoarding 2019 fêst te stellen.
- Beslútpunten** :
1. De Waadrinferoarding 1996 ynlûke
2. De taheakke Waadrinferoarding 2019 fêst te stellen
- Taheakke** :
1. Waadrinferoarding 2019
2. Ferliking waadrinferoardering 1996-2019
3. Taljochting op Waadrinferoarding 2019
4. Nota oerlis en ynspraak

Taljochting

: Ynlieding

De hjoeddeistige Waadrinferoarding is fan 1996 en is basearre op de feiligens fan waadrinners likegoed as op de natuerwearden fan de Waadsee.

De natueraspekten fan it waadrinnen wurde konkreet regele yn it Natura 2000-Beheerplan Waddenzee.

Út de praktyk fan de lêste jierren die bliken dat de feroarding net yn alle situaasjes foarseach, net by de tiid, te ûndúdlik of net korrekt wie. Dêrneist die bliken dat de trije Waadprovinsjes Groningen, Noord-Holland en Fryslân) net deselde waadrinferoarding hantearje. Beide saken kinne swierrichheden jaan yn de útfiering fan fergunningferliening, tafersjoch en hanthavening.

Koarte wet- en regeljouwing

Regulearring fan it waadrinnen is op grûn fan kêst 145 Provinciewet in provinsjale taak. De provinsjes Groningen, Noord-Holland en Fryslân hawwe elk in Waadrinferoarding.

Proses dat trochrûn is

Yn ferskate oerlizen en gearkomsten binne de wichtichste oanbelangjende partijen oer de konseptstikken ynformearre. Tagelyk hawwe hja skriftlik reaksjes jaan kinnen. Dy binne ferwurke yn de nota oerlis en ynpraak. Nei konsultaasje fan fertsjintwurdigers fan de provinsjes Groningen en Noord-Holland, Rijkswaterstaat, de Waad- en Kustgemeenten, waadrinners en waadrinorganisaasjes is de Waadrinferoarding by de tiid brocht en ferbettere.

Kontekst

: Beheerplan Natura 2000 Waddenzee, Wet natuurbescherming Algemene Plaatselijke Verordening (eveneminten) en Wadloopverordening Groningen en Noord Holland

Probleemstelling

: Út it grutte ferskaat fan regeljouwing oangeande feiligens docht bliken dat de oerheidssoarch foar de feiligens fan de boargers net allinne jildt as maatskiplike ferplichtings oan 'e oarder binne, mar ek as boargers rekreatyf dwaande binne. It waadrinnen moat, as takke fan rekreaasje dêr't in soad belangstelling foar is, net fan dy soarch útsûndere wurde.

Ek de praktyk oant no ta lit sjen dat de oan it waadrinnen ferbûne feilichheidsrisiko's fan belang binne. Dat wiist op de needsaak fan regulearring fan de kant fan de oerheid en, wêr't dat mooglik en nedich is, ferbettering fan de besteande regeljouwing. Dat jildt namste mear mei it each op it gâns kommersjeler wurden fan it waadrinnen.

De hjoeddeistige Waadrinferoardering dy't yn de provinsjes Fryslân, Groningen en Noord-Holland jilde, binne bot ferâldere en strike net mear mei-inoar. De bepalingen oangeande de natuerbeskerming dy't deryn steane, falle no ûnder de Wet natuurbescherming en kinne skrast wurde. It aspekt feiligens bliuwt dêrtroch as iennige pylder foar de nije Waadrinferoarding oer.

Probleemanalyze : Probleemanalyze Waadrinferoarding 1996

De ûndersteande punten binne yn de nije Waadrinferoarding opgelost:

Ferâldere feroarding

De bepalings yn de Waadrinferoarding 1996 dy't de natuerbeskerming as doel hiene, falle ûnderwilens ûnder de Wet natuerbeskerming en kinne ferfalle.

De hjoeddeistige feroarding folget net de lanlike Aanwijing voor de regelgeving. Alle feroardering moatte neffens de Aanwijing voor de regelgeving opsteld wurde.

De feroarding befettet (te) detaillearre easken

De Waadrinferoarding 1996 jout in tal detaillearre easken, dy't yn it oanfraachformulier of de fergunningfoarskriften thús hearre. Om mei oare easken (needsaaklike gegevens foar it beoardieljen fan de oanfraach, tal gidsen, útrissing ensfh.) op de aktualiteit yn te spyljen, hoecht net de hiele feroarding mear troch PS fan de 3 provinsjes wizige te wurden, mar kin DS Fryslân de oanfraacheasken of fergunningsfoarskriften wizige. Fansels sil dat barre nei oerlis mei de oare Waadprovinsjes en, as dat nedich is, op advys fan de Veiligheid adviescommissie.

Definysjes binne ûndúdlik

De nammejouwing fan guon begripen jout oanlieding ta diskusje. Bygelyks troch de nammejouwing fan tochten ('zwerftocht', 'belevingstocht') te brûken, wêrtroch't net dúdlik is oft in fergunning of ûntheffing nedich is. Dúdlike definysjes binne nedich om goed hanthavenje te kinnen.

Net alle waadringidsen binne kwalifisearre

De kwaliteit fan de waadringidsen is net genôch garandearre. Fergunninghâlders kinne persoanen machtigje om as gids fan harren waadrinfergunning of -ûntheffing gebrûk te meitsjen, wylst der gjin sicht is op bygelyks de oplieding of ûnderfining of fysike tastân fan dy machtige gids. De ûnderfining leart dat dat risiko's op in kalamiteit jout. Troch in erkenning ta waadringids ferplichtsje kin in kwaliteitseask ôftwongen wurde. In fierdere ynfolling fan de oplieding en it eksaminearjen kin mienskiplik mei de VAC en waadrinorganisaasjes ynfolle wurde.

It stelsel fan A-, B- en C- fergunnings en ûntheffings is yngewikkeld en dekt net de folsleine lading

Der is sprake fan ien fergunningstelsel. Foarhinne wie it sa dat by wiziging fan de soarten fergunnings, de hiele feroarding troch PS fan de 3 provinsjes wizige wurde moast. Yn de nije feroarding kin DS Fryslân de fergunnings nei oanfraach beoardielje en paswurk foarskriften oplizze. Fansels wurde likense gefallen gelyk behannele.

De waadrinferoarderingstrykten net mei-inoar

De bepaling dat in fergunning wizige, tydlik útsletten of ynlutsen wurde kin, wie yn de Waadrinferoarding fan Groningen ferfallen en wurdt op 'en nij ynfierd. Dêrtroch kin yngrepen wurde as minsken op it Grinzer part fan it Waad harren net of net foldwaande oan de foarskriften hâlde. De grûnen ta wiziging, tydlik útsluten en it ynlûken wurde beskreaun, sadat der in wetlike basis is dêr't oan hifke wurde kin.

Der is ferlet fan oerlis mei oare organisaasjes mei kennis oer feiligens op it Waad

De leden fan de besteande Wadloop Adviescommissie (WAC), fertsjintwurdigers fan de Veiligheidsregio, Rijkswaterstaat en de Kustwacht wurde útnûge om in nije advyskommisje te foarmjen, de Veiligheid adviescommissie (VAC). De funksje fan foarsitter is op it stuit fakant. De boargemaster fan de gemeente Skiermûntseach hat oanjûn dat se it foarsitterskip wol op har nimme wol. Troch de ynstelling fan de VAC is der breder oerlis oer de feilichheidsrisiko's fan it waadrinnen en kinne de gemeenten (fia de Veiligheidsregio) harren ynfloed brûke as dat winske is.

De privacywetjouwing

De praktyk is no dat oer hast alle fergunnings in advys fan de WAC frege wurdt. Dy wurkwize foldocht net mear oan de privacywetjouwing. De taak fan de VAC wurdt mear advisearjend op beliedsmjittich nivo oer hifkingskritearia en feilichheidsfoarskriften yn stee fan it advisearjen oer yndividuele fergunningoanfragen.

De strafbepalings misse of binne net korrekt

De strafbepalings yn de feroardering ferwize nei net genôch en/of juridysk net korrekte kêsten. Dat wurdt oanpast.

Doelstelling / beëage effekten:

: Doelstelling

It doel fan dizze nije Waadrinferoardering is de feiligens foar waadrinners en oare aktiviteiten dy't mei waadrinnen te krijen hawwe te ferheegjen, regeljouwing te ferminderjen en dúdliker te meitsjen en hanthaving ienfâldiger te meitsjen.

Risiko's

: De provinsje Fryslân is penfierder en kassier mei út namme fan de provinsjes Groningen en Noord-Holland. Dat betsjut dat DS de fergunnings útjout en de leezjes yn bart. De makke kosten wurde neffens ôfspraak en fêststelde waadrinbegutting by de oanbelangjende provinsjes faturearre. Oant 2020 feroaret der beguttingtechnysk neat. Earst nei it fêststellen fan de Waadrinferoardering troch alle trije oanbelangjende provinsjes wurdt de mearjierrebegutting oanpast en yn de Sturgroep Waddenprovincies besprutsen. Foar de begutting 2019 hat it noch gjin gefolgen.

Hoewol't yn de konsultaasje-omgong bliken dien hat dat de measte waadrinorganisaasjes en oare oanbelangjende ynstânsjes harren yn de nije Waadrinferoardering en systematyk fine kinne, jildt dat net foar alle organisaasjes.

Probleemoplossing : De Waadrinferoardering 1996 sa gau mooglik by de tiid bringe

Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging : De fêststelling fan de Waadrinferoardering 2019 hat ús foarkar, omdat wy mei alle partijen kommen binne ta in nije droegen waadrinferoardering. De problemen dy't der binne, nammentlik de feroardering foarsjocht net yn alle situaasjes, is net aktueel, te ûndúdlik of net korrekt, wurde oplost. It slút in proses fan inkelde jierren oerlis ôf. Boppedat hat dizze oplossing draachflak by de oanbelangjenden.

Útfiering : De nije waadrinferoarding sil ek troch de provinsje Groningen en Noord-Holland fêststeld wurde en tagelyk mei dy fan Fryslân publisearre wurde en fan krêft wurde.

Wat moat der noch barre
Reglemint VAC – 2019 opstelle
Beneamingsbesluten leden Veiligheid adviescommissie – 2019
Reglemint eksamenkommissje opstelle
Fergunningfoarskriften troch DS - 2019 fêststelle
Feilichheidsprotokol fêststelle
Kritearia fergunningferliening en beliedsregels fêststelle troch DS- 2019

**Monitoaring/
Evaluaasje** : Yn de fergunningsfoarskriften wurdt opnommen dat de fergunninghâlder ferplichte is om melding te meitsjen fan ynsidinten en kalamiteiten oangeande de feiligens. Trochdat ek de Kustwacht, de Veiligheidsregio en Rijkswaterstaat in sit yn de Veiligheid Advies Commissie nimme, is der kontrôle op de melding fan feilichheidsynsidinten en kin dêr learing út lutsen wurde.

Stjoering : Net fan tapassing

Ferfolchproseduere : Fêststelling troch Provinsjale Steaten Groningen - maart 2019
Fêststelling troch Provinsjale Steaten Noord-Holland - maart 2019

Lyktidige publikaasje en fan krêft wurden 1-1-2020

Oare punten : Net fan tapassing.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Waadrinferoarding 2019**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 8 jannewaris 2019, nr. 01580702, oangeande de Waadrinferoarding.

Mei it each op it fêststellen fan de Waadrinferoarding 2019

Oerwagende dat :

De Waadrinferoarding 1996 bot ferâldere is en by de tiid brocht wurde moat;
Der mei oanbelangjenden oerlis fierd is en se oer de konsept Waadrinferoarding ynsprekke koene;
De ynkommen reaksjes yn de Feroarding ferwurke binne en yn de Nota oerlis en ynspraak fan in reaksje foarsjoen binne

Beslute :

1. De Waadrinferoarding 1996 ynlûke
2. De taheakke Waadrinferoarding 2019 fêst te stellen

Sa fêststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 28 maart 2019.

drs. A.A.M. Brok , foarsitter

G.J. Huisman , griffier